G. van der Meer

'ydskrift foar Fryske Taalkunde

ergong 2 (1986)

û. 2



It plak fan it bywurd yn it Ingelsk as frjemde taal: in ûndersyk oer talen hinne[1]

G.C.J. BOURGONJE

Ynlieding

Yn dit stik sil ferslach dien wurde fan in stikmannich útkomsten fan in ûndersyksprojekt dêr't yn sjoen is nei it plak fan it bywurd yn it Ingelsk fan frjemde taallearders yn ûnderskate Jeropeeske lannen.[2] It fernaamste doel fan dat ûndersyk wie om nei te gean oft der in signifikante ynfloed fan 'e memmetaal waarnommen wurde koe yn 'e data dy't fan dy taalearders kamen (ferl. Lado 1957) of, oarsom, oft der evidinsje fûn wurde koe foar de universalistyske hypoteze, dy't tefoaren brocht is troch ûndersikers dy't mear de kant út wolle fan 'e "kreative konstruksje" (ferl. Dulay, Burt & Krashen 1982). Ear't wat ferteld wurde sil oer it ûndersyk, de metodology fan it ûndersyk, de risseltaten en de konklûzjes, sil wat eftergrûnynformaasje jûn wurde oer Lado syn fyzje op it learen fan in twadde taal en oer Dulay, Burt en Krashen har "Creative Construction Hypothesis" (CCH).

Fyzjes op it learen fan in twadde taal

- De "Contrastive Analysis Hypothesis" (CAH).

Yn 1957 skreau Robert Lado:

> "we can predict and describe the patterns that will cause difficulty in learning, and those that will not cause difficulty, by comparing systematically the language and culture to be learned with the native language and culture of the student" (Preface)

In mannich ûnderstellingen dêr't Lado syn fyzje, dy't beneamd waard as de "Contrastive Analysis Hypothesis" (CAH), op stuolket, binne:

1. it learen fan in taal is gewoantefoarming;

2. taallearders drage eleminten ût har eigen taal oer nei de taal dy't se leare moatte. Alde gewoanten (de eigen taal) kinne it foarmjen fan nije gewoanten (de doeltaal) opkeare;
3. ferskillen tusken de eigen taal en de doeltaal sille learproblemen feroarsaakje.

Lykas dy ûnderstellingen suggerearje, skaait de CAH de behaviouristyske kant ût. Taal wurdt opfette as in samling fan gewoanten en oerdracht wurdt beskôge as in automatysk proses. De (negative) effekten dêrfan kinne oerhelle wurde troch it "ûtroegjen" fan 'e samling fan âlde gewoanten (=kategoryen, struktueren ensfh. fan 'e eigen taal). De meast effisjinte wize om soks klear te krijen is it yngeand oefenjen fan 'e samling fan gewoanten dy't leard wurde moat (=kategoryen, struktueren ensfh. fan 'e doeltaal).

Yn it lêstoan fan 'e 60'er jierren en it earstoan fan 'e 70'er jierren kaam der fûle krityk op 'e krusiale teoretyske en metodologyske ûnderstellingen fan 'e CAH. Neffens guon kritisy liet it konseptuele ramt dêr't de boarnen fan 'e taalearders har flaters yn ferklearre waarden, in moai grut persintaazje fan systematyske flaters sitte dy't **alle** taallearders sa't it liket meitsje, likefolle wat har (earste) taaleftergrûn is (ferl. byg. Duskova 1969, Arabski 1971 en Richards 1971). Sa njonkelytsen oppenearret him in nije fyzje. Dêryn is de stûdzje fan 'e tuskentaal fan taallearders as in systeem op himsels it doel fan ûndersyk nei it learen fan in twadde taal. Om Nemser te sitearjen:

> "Evidence suggests that the speech behaviour of language learners may be structurally organized, and [the contact situation between native and target language] should therefore be described not only by reference to the native and target languages of the learner (...), but by reference to a learner system (L_a) as well" (1971:122)

-De "Creative Construction Hypothesis" (CCH)

Brown (1973) en De Villiers & De Villiers (1973) har stûdzjes nei earste taalwinning by bern lieten sjen dat

der foar 14 Ingelske morfemen in fêste folchoarder fan oanlearen is (dat suggerearret dat bern **sels** regels opmeitsje, d.w.s. de folchoarder dêr't leararen (en lesmateriaal) de te learen ynformaasje yn oanbiede, korrespondearret net needsaaklikerwize mei de folchoarder dêr't dy ynformaasje yn leard wurdt). Oantreast troch dy ûtkomsten besochten Dulay en Burt om ût te finen oft foar twadde taallearders ek fêste, d.w.s. natuerlike folchoarders yn 'e ûntjouwing fêstlein wurde koenen (ferl. Dulay & Burt 1973,1974,1975). As risseltaat fan dy ûndersiken formulearren Dulay en Burt in hypoteze dy't no trochstrings beneamd wurdt as de Creative Construction Hypothesis (CCH). Neffens de CCH binne de meganismen dêr't it learen fan in earste en in twadde taal op stuolket, wêzentlik gelyk. Dat betsjut dat twadde taallearders de doeltaal organisearje en leare op in wize dy't beskaat wurdt troch oanberne kognitive meganismen. Boppedat is it net sa lyk it systeem fan 'e eigen taal mar earder it systeem fan 'e doeltaal dat it learproses stjoert. Mei oare wurden de basisûnderstelling fan 'e CAH, ntl. dat oerdracht ût 'e eigen taal wei it proses fan it learen fan in twadde taal foar in grut part beskaat, wurdt troch foarstanners fan 'e CCH fersmiten. Dulay en Burt binne dêr tige dûdlik oer:

> "We hypothesize that (...) the organization of L2 [=de doeltaal] does not include transfer from (...) or comparison with (...) native language" (1974: 244; sjoch ek Dulay, Burt & Krashen 1982)

Dat sadwaande wolle Dulay en Burt der op ût, it doel fan it ûndersyk moat wêze om it aard fêst te stellen fan 'e ynderlike produksjemeganismen dêr't in twadde taal troch leard wurdt. Dat betsjut dat de taallearder in sintraal plak kriget yn har fyzje, mei't it de taallearder is en net sa lyk de learaar (lykas yn Lado syn CAH), dy't de feitlike folchoarder fan it learen beskaat.

It plak fan it bywurd

It plak fan it bywurd is foar kar nommen om in stikmannich redens. Yn it foarste plak wolle foarstanners fan 'e

CCH ha dat oerdracht ût 'e memmetaal wei teoretysk net nijsgjirrich is. Har sizzen is dat net-taalspesifike of algemiene patroanen de wichtige prosessen wjerspegelje dy't it learen yn ûnderskate stadia fan 'e ûntjouwing stjoere. Dy "universalistyske" kleem is lykwols ûntwikkele op grûn fan beheinde data, beheind ynsafier dat in grut part fan it ûndersyk benammen rjuchte west hat op "low-level" morfology (de 3de persoansûtgong -s fan tiidwurden, it ferbale -ing, neehiting, it helptiidwurd do ensfh.). It doel fan dit projekt wie om te rieden foar mear wiidweidige evidinsje bûten it mêd fan 'e morfology dy't helpe kin om de jildichheid en ginneralisearberens fan 'e "universalistyske" kleem te hifkjen op oare mêden fan 'e grammatika (d.w.s. op it mêd fan 'e wurdfolchoarder). Twad suggerearre evidinsje dy't beskikber wie ût in tal ferkennende stûdzjes dat it plak fan it bywurd in hiel soad swierrichheid jout sels foar taallearders op trochsettersnivo. In mooglike reden dêrfoar soe wêze kinne dat it ôfgryslike lestich is (of sels ûnmooglik) en jouw taallearders in adekwate beskriuwing fan it plak fan it bywurd. It docht bliken dat de regels foar it plak fan it bywurd bjusterbaarlike kompleks binne. Utsein grammatikale beheiningen binne der oare faktoaren dy't it plak beskiede lykas "discourse"-beheiningen, ynformaasjefokus en eingewicht. Lykwols krekt omt se sa't it liket net in dûdlik regelsysteem ta har foldwaan ha, soe men ûthâlde kinne dat taallearders wolris twongen binne om mear op "gefoel" (d.w.s. yntuysje) te seil te gean as op "regels" (d.w.s oanlearde kennis). Mei oare wurden, nettsjinsteande de formele learsituaasje fan 'e persoanen dy't meidien ha oan dit ûndersyk, kinne taallearders net te seil gean op "regels", omreden dat de regels foar it plak fan it bywurd te kompleks binne om "leard" te wurden.[5]

Dat betsjut dus dat ûnderbewuste "winning" de iennichste menier is foar sokke taallearders om dat stik fan 'e grammatika yn 'e macht te krijen. Dêrfandinne wie it betinken dat ûndersyk nei it plak fan it bywurd ûs ynsjuch fergrutsje soe yn taalwinningspatroanen en -prosessen dy't de taallearder brûke moat by it oanlearen fan in twadde taal.

Proefpersoanen

De data dy't hjir aansten besjoen wurde sille, komme fan Ingelsklearders fan in tuskenbeiden en in trochsettersnivo, d.w.s. middelskoallelearlingen dy't op syn minst trije jier Ingelsk hân ha en foarstejiersstudinten. Meiinoar hawwe sa'n 375 studinten en 200 middelskoallelearlingen de test dien. Dat wiene memmetaalpraters fan ien fan 'e neikommende talen: Hollânsk, Finsk, Poalsk, Dûtsk en Frânsk. Dy talen wiene keazen as foarbylden fan typologysk ûngelikense taalsystemen en benammen om't se inoar ûntrinne wat wurdfolchoarder oanbelanget. Hoewol't der net wiidweidige en betroubere stûdzjes oer de bywurdfolchoarder yn dy talen beskikber wiene, like it derop dat in goede typologyske spried derfoar soargje koe dat memmetaalynfloed derût komme soe, **at** bliken dwaan soe dat soks in rillevante faktor is yn 'e "tuskentaal" fan 'e proefpersoanen (sa't de data fan 'e testynstruminten dy't brûkt binne, útwiisden).

Testen

It ôffreegjen is dien mei in stel fan fjouwer testen (A,B,C en D) dy't trochinoar elkmis 25 items befetten. Der binne ûngelikense testen brûkt wurden om testspesifyk hâlden en dragen te beheinen: konsistinsje oer testen hinne soe in goede oanwizing wêze foar in foech systematyske (tuskentaal)kompetinsje. Yn test A wie it bywurd hieltyd gelyk wylst de konstruksje dêr't it bywurd (it gie om always) ynfoege wurde moast, fariëarre. Test B wie in akseptabiliteitsoardieltest. Yn test C moasten de proefpersoanen, lykas yn test A, in bywurd ynfoegje. Mar yn C wie de sinkonstruksje hyltyd gelyk wylst it bywurd fariëarre. De proefpersoanen moasten bygelyks bywurden lykas usually, outside en seldom ynfoegje yn 'e fêste sin he reads the newspaper. Dy sin stie in oare sin foar om tefoaren te kommen dat de opdracht meganysk wurde soe. Yn test D moasten de proefpersoanen sinnen foarmje fan in rychje tafallich oardere wurden en wurdkloften. Hja krigen bygelyks it rychje hard-she-mostly-worked en moasten dan fan dat rychje in akseptabele Ingelske sin meitsje. Yn alle testen waard harren frege om te sjen

wat de wenstige, ûnbeklamme sin/bysin wie.

Risseltaten

Yn dit stik sil inkeld ferslach dien wurde fan 'e meast nijsgjirrige patroanen ût test A (always-ynfoeging) dy't har oppenearren by de leg(er)e skoarders yn 'e ûnderskate skiften (dy wjerspegelje steefêst de patroanen en tendinzen dy't der ûtkamen foar de hiele skiften). Der moat lykwols op wiisd wurde dat de patroanen dy't foar 't ljocht kamen, foar alle teksten fierhinne gelyk wiene, dat de konklûzjes dy't hjir lutsen wurde sille, jilde likegoed foar test B,C en D.

Yn test A moasten de proefpersoanen, sa't niis al sein is, it bywurd always ynfoegje yn sinnen mei ûngelikense typen konstruksjes. Winliks gie it dêrby spesjaal om ferbale konstruksjes, d.w.s. "verb phrases" (VP) yn 'e "oerflakkige" betsjutting dy't grammatisi lykas Quirk (sjuch Quirk, Greenbaum, Leech & Svartvik 1972) der oan jouwe. Mei't always op in plak stiet oanswettend oan of yn 'e tiidwurdkloft (sa't wy him hjir neame sille om betizing mei de "verb phrase" fan 'e ginnerative grammatisy tefoaren te kommen) liket it net sa raar en nim oan dat de ferbale konstituint fan 'e sin de beskiedende faktor is foar it plak fan dat bywurd. Dêrom wie de hypoteze dat de gearstaldens fan 'e tiidwurdkloft fan ynfloed wêze soe op it goede teplak setten fan it bywurd troch de ferskate taallearders, d.w.s wat gearstalder de tiidwurdkloft, wat slimmer oft de opdracht wêze soe. Wat de gearstaldens fan 'e tiidwurdkloft oanbelanget, like it feilich en mjit dy yn termen fan lingte, d.w.s tal konstituinten. Dat sadwaande soe studies beskôge wurde as minder gearstald as will study bygelyks. Dat lêste soe dan in foarbyld wêze fan in "gearstalde" tiidwurdkloft (d.w.s. mei mear as ien konstituint).

Yn 'e test sieten ek items mei de gearstalde tiidwurdkloft MODAL (modaal helptiidwurd) + BE, lykas yn the teacher will be in the room. Dy sinnen wiene der yn behelle om te sjen oft der ek ferskil makke waard tusken be en oare leksikale tiidwurden wat it plak fan always oanbelange. In oanstriid dêrta wie nammentlik al yn in eardere testomloop by guon taallearders konstatearre. By

it earste skoaren fan 'e items krige elke posysje dêr't always ynfoege wurde koe, in nûmer lykas yn it neikommende foarbyld:

1 you 2 will 3 find 4 my sister 5 on the beach

Dêrnei waard in analyze útfierd om te sjen oft der beskate patroanen yn 'e distribûsje fan always te bespeuren wiene foar de ûnderskate skiften. Hoewol't bliken die dat it bywurd net oan it begjin of de ein fan 'e sin set waard --wat betsjut dat taallearders fan tuskenbeiden en trochsettersnivo troch ha moatte dat dat ûngewoane posysjes binne foar dat bywurd-- liet de analyze earder taalspesifike as algemiene patroanen sjen. Mei oare wurden, foar skiften mei ûngelikense memmetalen waarden ûngelikense patroanen fûn. In foarbyld dêrfan jouwe de data dy't werjûn binne foar de Finnen út Jyväskylä en beide Poalske skiften yn items mei inkelde VP's (d.w.s VP's besteande út in leksikaal tiidwurd sûnder (modale) helptiidwurden).

TABEL I: Flaterferdieling (yn %) yn ûnderdiel I (inkelde VP) (7 items): Finnen en Poalen

Skift (+T)	% flaters yn posysje				
	1	2	3	4	5
universiteit Jyväskylä (8)		50	20	28	2
skoalle Jyväskylä (20)	13	11	33	39	2
universiteit Poznan (20)	1	80	5	11	
skoalle Poznan (14)	6	76	6	8	

T = tal proefpersoanen

Yn tabel I is posysje 2 (mei it hokje deromhinne) de goede posysje foar always, lykas yn: he always studies on Sundays. De posysjes 3 en 4 binne posysjes nei de VP. De data litte dûdlik sjen dat de Finske proefpersoanen gauris in plak nei de VP foar kar nimme, wat mei dizze sinnen mei in inkelde VP ferkearde sinnen opsmyt (*he studies always hard/*he studies hard always). Dat kin

faaks de navenant lege skoare ferklearje neffens de Poalen. It betsjut dat de measte Poalen it bywurd ynfoegje yn posysje 2, de posysje **foar** de VP. At wy no sjugge nei de distribûsje fan always yn items mei gearstalde VP's (VP's mei in modaal helptiidwurd en in oanfolgjende ynfinityf; you can find my sister in the park), dan docht bliken dat gelikense patroanen fûn wurde foar de Finske en Poalske skiften. Dat wurdt sjen litten yn Fig. 1:

FIG. 1:Flaterpatroanen Ûnderdiel II (=gearstalde VP, d.w.s. modaal helptiidwurd + ynfinityf, útsein be) (6 items): Finske en Poalske skiften



De data yn Fig. 1 litte sjen dat de Finnen flaters meitsje nei de VP, wylst de Poalen de measte flaters meitsje foar de VP. Hoewol't it bytiden slim is en jou in ferklearring foar dy ûngelikense flaterposysjes yn termen fan streekrjochte ynfloed fan 'e memmetaal, soe men wol sizze dat dy flaterpatroanen op ien of oare wize gearhingje mei de memmetaal fan 'e taallearders. Yn it Finsk bygelyks komt it bywurd gauris nei de VP. Neffens memmetaalpratende ynformanten, komt aina, de Finske wjergader

fan always, ornaris nei it tiidwurd yn sinnen lykas deselden yn 'e test. At men oannimt dat de Finske wurdfolchoarder de Finske proefpersoanen beynfloedet yn har kar foar it plak fan always, dan soe it net sa raar wêze, dat sokke taallearders der tsjinoan skytskoarje om it bywurd yn te foegjen yn 'e posysje foar de VP. Dat sadwaande produsearje se ferkearde sinnen mei always nei de VP, lykas yn he works always hard en he should study always on Sundays. Dy ferklearring is oanloklik omt er ferantwurdzje kin wêrom't de Finnen post-VP-flaters meitsje en wêrom't se folle mear flaters meitsje as de Poalen yn sinnen mei inkelde VP's. De Poalen foegje always trochstrings yn foar de VP, nei alle gedachten omt se beynfloede wurde fan 'e Poalske wurdfolchoarder (it plak fan it bywurd foar de VP is yn it Poalsk moai algemien). Dat soe har navenant hege skoare ferklearje op items mei inkelde VP's en it moai grutte tal flaters yn 'e posysje foar de VP yn items mei gearstalde VP's (dêr't always altiten tusken it modaal helptiidwurd en de ynfinityf yn komme moat).

De Hollânske en Dûtske útkomsten, dy't hjirûnder werjûn binne yn tabel II, litte sjen dat posysje 2, hjir de posysje foar it helptiidwurd, in fiks part fan 'e flaters dy't makke binne foar syn rekken nimt.

TABEL II: Flaterferdieling (yn %) yn ûnderdiel II (gearstalde VP, d.w.s. modaal helptiidwurd + ynfinityf útsein be) (6 items): Dûtske en Hollânske skiften

Skift (+T)	% flaters yn posysje					
	1	2	3	4	5	6
Dûtske universiteit (15)	5	32	37	1	17	8
Dûtske skoalle (9)	9	43	18	11	17	2
Hollânske univ. (8)		28	69		3	
Hollânske skoalle (10)		33	40		22	

T = tal proefpersoanen

De flaters yn tabel II kinne, hoewol't se karakteristyk lykje foar dizze spesifike skiften, net op in ienfâldige

menier taskreaun wurde oan memmetaalynfloed. Dat komt omt posysje 2 net de typyske posysje is foar Hollânsk altijd en Dûtsk immer; krektoarsom, sinnen mei it bywurd yn dy posysje binne fakentiids ûngrammatikaal (ferlykje: *hij altijd leest de krant = he always reads the newspaper, en *hij altijd kan komen = *he always can come). Alhoewol't ynfloed fan 'e memmetaal net fuortendaliks dûdlik is, soe men op syn minst twa op oerdracht basearre arguminten bybringe kinne dy't it plak fan it bywurd yn posysje twa, d.w.s de posysje foar it helptiidwurd, ferklearje koenen. Yn it foarste plak is gauris ûthoden (alteast yn 'e ginnerative taalkundige literatuer) dat Hollânsk en Dûtsk (yn tsjinstelling ta Finsk en Poalsk) talen binne fan it Subjekt-Objekt-Verbum(SOV)-type.[7] Dy folchoarder fynt men yn ûnderskikte sinnen. Yn dy sinnen komme altijd en immer foar de earste ferbale konstituint, d.w.s foar leksikale tiidwurden likegoed as foar helptiidwurden (bgl. ... dat hij altijd komt/ ... dat zij altijd moeten werken). Mei't de wurdfolchoarder yn ûnderskikte sinnen de basisstruktuer foarmet fan Dûtsk en Hollânsk (dêr't de wurdfolchoarder yn haadsinnen fan ôflaat wurdt),[8] soe men sizze kinne dat Dûtske en Hollânske Ingelsklearders algemiene ûnderlizzende prinsipes oerdrage, yn dit gefal de djiptestruktuer fan har memmetalen. Yn ferbân dêrmei is it nijsgjirrich om op te merken dat it Aldingelsk ek de SOV-wurdfolchoarder hie. Neffens Jacobson (1975) hat de oergong fan Aldingelsk SOV nei Nijingelsk SVO (Subjekt-Verbum-Objekt) ek in feroaring teweibrocht yn it plak fan preferbale bywurden en Jacobson beriddenearret oertsjûgjend dat de posysje fan it bywurd foar it helptiidwurd in typysk skaaimerk is fan talen mei in SOV-folchoarder.

Twad liket it oannimlik dat der wat yn it aard fan 'e tiidwurdsystemen fan it Dûtsk en it Hollânsk is dat de foarkar fan 'e Dûtske en Hollânske proefpersoanen ferklearret om always foar it helptiidwurd te setten yn it Ingelsk. Alhoewol't alle trije talen in klasse fan modale helptiidwurden hawwe, is it net sa dat dy tiidwurden deselde status hawwe yn dy talen. Wylst de Ingelske modale helptiidwurden wierliken helptiidwurden binne, hawwe de Dûtske en Hollânske modale tiidwurden alle karakteristike skaaimerken fan leksikale tiidwurden. Om in pear

foarbylden te jaan:

-- der is kongruînsje tusken it ûnderwerp en it modale tiidwurd yn it Hollânsk en it Dûtsk, lykas yn ik zal gaan njonken wij zullen gaan, mar net yn it Ingelsk, dat I'll go en we'll go hat;

-- Hollânske (en Dûtske) modale tiidwurden komme, yn tsjinstelling ta Ingelske modale tiidwurden, foar yn 'e ynfinityf, lykas yn ze schijnen te moeten vertrekken (foarbyld ût Evers & Scholten 1980) njonken Ingelsk they seem to be obliged to leave.

Dat men soe sizze kinne dat Dûtske en Hollânske taallearders, ûnder ynfloed fan har memmetaal, de Ingelske modale tiidwurden behannelje suver as wienen it leksikale tiidwurden. Mei't always gewoanwei foar it leksikale tiidwurd set wurdt yn it Ingelsk, soe dat ferklearje kinne wêrom't dy taallearders gauris posysje 2 foar kar nimme yn items mei gearstalde VP's.

Sa't de lêzer him faaks noch yn 't sin bringe kin befette test A ek VP's dy't bestienen ût in modaal tiidwurd mei it tiidwurd be derefteroan (the teacher will be in his room). Sokke sinnen wienen opnommen om nei te gean oft taallearders ek ûnderskie hawwe yn it tiidwurd be en oare ynfinitiven wat it plak fan always oanbelanget. No docht bliken dat skiften mei ûngelikense memmetalen op ûngelikense menieren ûnderskiede tusken be (MOD + BE) en oare ynfinitiven (MOD + INF). De Frânske en Poalske skiften meitsje bygelyks folle mear flaters yn items mei in modaal tiidwurd en be (the students must be in class before 10.30) as yn items dêr't it modale tiidwurd folge wurdt fan in oar tiidwurd as be (you will find my sister in the park). Nijsgjirrigernôch oppenearret dat patroan him net by de Hollânske en Dûtske skiften, foar wa't sinnen mei be minder flaters opsmite as items mei oare tiidwurden nei it modale tiidwurd. Dat wurdt sjen litten yn tabel III (sjoch oare side).

TABEL III: Trochhinne skoares en flaterferdielingen (yn %) yn ûnderdiel II (MOD + INF) en III (MOD + BE): Frânske en Poalske universiteits- en Hollânske en Dûtske skoalleskiften.

Skift (+T)	ûnderdiel	skoare	flaterferdieling
Frankryk/	MOD + INF	35	
Nanterre (17)	MOD + BE	18	
Poalen/	MOD + INF	52	
Poznan (20)	MOD + BE	17	
Dûtslân/	MOD + INF	18	
Aken (9)	MOD + BE	37	
Nederlân/	MOD + INF	40	
Apeldoorn (10)	MOD + BE	64	

▨ = % flaters yn 'e posysje nei de VP
|_____| = % flaters yn 'e posysje foar de VP
T = tal proefpersoanen

It liket der faaks op dat wy hjir in klear gefal hawwe fan it oerdragen fan 'e Hollânske en Dûtske wurdfolchoarder nei it Ingelsk ta. De foarbylden hjirûnder litte dûdlik sjen dat it Hollânske altijd (en it Dûtske immer) ûngelikense plakken besette yn sinnen mei en sûnder be.

≠BE Je kunt mijn zuster altijd op het strand vinden
De gasten mogen de parkeerplaats altijd zonder parkeerbewijs gebruiken
You can always find my sister on the beach
The guests may always use the carpark without a ticket

=BE Ze zullen altijd behulpzaam zijn
Ik kan altijd om zes uur thuis zijn
They will always be helpful
I can always be at home at 6

Yn 'e earste twa sinnen wurdt altijd efter it saaklik

foarwerp (mijn zuster en de parkeerplaats) set, wylst yn 'e oare twa sinnen it plak nei it modale tiidwurd (zullen en kan) gewoan is yn it Hollânsk (en it Dûtsk). Yn it Ingelsk is fandat gjin ferskil. Yn beide pearen sinnen wurdt always fuort nei it modale tiidwurd set. Dat, yn sinnen dêr't de ynfinityf be is, geane Hollânsk en Ingelsk lykop en yn dy sinnen meitsje de Hollânske (en Dûtske) proefpersoanen navenant in bytsje flaters. Opfallend gelikense patroanen waarden ek fûn foar de Hollânske skoalbern yn it rûfeltsje sinnen mei leksikale tiidwurden sûnder modale tiidwurden (d.w.s inkelde VP's). It ûnderdiel mei items dêr't in inkelde VP yn siet, bestie ût tsien sinnen: fjouwer mei it leksikale tiidwurd be (bgl. the climate is very mild) en seis mei in oar leksikaal tiidwurd as be (bgl. they drink tea in the morning). Tabel IV lit de patroanen sjen dy't fûn binne foar it Hollânske skoalleskift (lykas yn 'e oare tabellen stiet om 'e goede posysjes in hokje).

TABEL IV: Flaterferdieling/trochhinne skoare (yn %): inkelde VP's: skoalle Apeldoorn (10 proefpersoanen).

Underdiel	% flaters yn posysje				
	1	2	3	4	5
leksikaal tiidwurd = be (4 items)		5	|95|		
leksikaal tiidwurd ≠ be (6 items)		|62|	28	7	

Yn it earste oankommen liket it faaks apart dat de trochhinne skoare foar de leechskoarders yn it Hollânske skoalleskift foar items mei leksikaal be heger is as de trochhinne skoare foar it folsleine skift (p = 95 foar de leechskoarders en 86 foar it folsleine skift (48 proefpersoanen)). Foar de items dêr't it tiidwurd in oar tiidwurd is as be is de trochhinne skoare foar de leechskoarders leger as de skoare foar it folsleine skift (p = 62 en 86 respektyflik), wat faaks oannimliker liket. Dy ferskillen yn skoare kinne lykwols ferklearre wurde at wy oannimme dat de wurdfolchoarder fan 'e Hollânske oerflaktestruktuer der hjir mei ûnder spilet. Yn sinnen mei

leksikaal be geane Ingelsk en Hollânsk lykop, d.w.s always en altijd komme nei it tiidwurd: they are always in their rooms/zij zijn altijd op/in hun kamers. Ingelsk en Hollânsk rinne lykwols ûtinoar at it leksikale tiidwurd net it tiidwurd be is: he always studies on Sundays/hij studeert altijd op zondag(*hij altijd studeert op zondag). Dy ferskillen yn 'e Ingelske en Hollânske wurdfolchoarder ferklearje nei alle gedachten it gruttere tal flaters yn de items mei in oar leksikaal tiidwurd as be. Boppedat strykt dy ferklearring mei it feit dat omtrint alle flaters dy't Hollânske skoalbern yn dit ûnderdiel items meitsje, foarkomme yn posysje 3, dat de "Hollânske" posysje is (*The English drink always beer in pubs). Ta beslût stipet it feit dat de niisneamde patroanen beskiedenliker binne by taallearders op skoallen as by taallearders op universiteiten in observaasje dy't al earder dien is (bgl. Taylor 1975), ntl. dat de memmetaalynfloed minder wurde wol at de bedreaunens yn 'e frjemde taal grutter wurdt.

Konklûzje

Us einbeslût is dat de ûtkomsten fan dit ûndersyk by in 575 learders fan it Ingelsk as frjemde taal mei ûngelikense taaleftergrûnen oantsjutte dat flaters yn ferbân mei it plak fan it bywurd earder taalspesifike as algemiene patroanen folgje. It docht bliken dat de flaterferdieling ferskilt foar skiften mei ûngelikense memmetalen. At men sjucht nei de lestichheid fan 'e grammatika fan it bywurd yn al de talen dy't op it aljemint west ha, dan kin soks net taskreaun wurde oan it bewust learen fan grammatikale regels, mar moat men oannimme dat de yntuitive taalwinningsprosessen dy't wurkje by dit type taallearder in grutter berop dogge op 'e kennis fan 'e memmetaal as at de foarstanners fan 'e Creative Construction Hypothesis ha wolle. Mei't ûs ûtkomsten oantsjutte dat der in wichtich ferbân is tusken memmetaaleftergrûn en de flaterpatroanen dy't foar 't ljocht komme, soenen wy der op ût wolle dat ynfloed fan 'e memmetaal op it mêd fan 'e wurdfolchoarder in beskiedende faktor is by it learen fan (Ingelsk as) in frjemde taal yn 'e formele klassesituaasje.

Noaten:

1) Dit is de bearbeide ferzje fan in lêzing dy't hoden is yn 1984 op it AILA World Congress of Applied Linguistics op 'e Frije Universiteit fan Brussel (VUB). Foar de Fryske oersetting rette Jarich Hoekstra.
2) Dit projekt is stipe wurden troch de Stichting Taalwetenschap dy't oprjuchte is troch de Nederlandse Organisatie voor Zuiver Wetenschappelijk Onderzoek (ZWO). Foar yngeande ynformaasje oer it projekt, útkomsten ensfh. wurdt de lêzer ferwiisd nei Bourgonje (1984).
3) Yn dit artikel wurdt ûnder it learen fan in twadde taal likegoed it learen fan in taal yn in frjemdtalige kontekst (bgl. Ingelsk yn Finlân of Poalen) as it learen fan in taal yn in gasttaalfermidden (bgl. Dûtsk yn Dûtslân) beflapt (ferl. Dulay, Burt & Krashen 1982: 10-11).
4) Alhoewol't de measte fan dy ferkennende stûdzjes basearre binne op skreaun Ingelsk fan Hollânske taallearders (studinten Ingelsk fan 'e universiteit fan Utert), is der gjin reden om oan te nimmen dat dat oars is by taallearders mei in oare memmetaal as it Hollânsk.
5) Soks wie wichtich om de beskuldiging tefoaren te kommen dat wy bewuste ynpleats fan ûnbewuste kennis ôffregen yn it gefal dat de útkomsten fan 'e testen brûkt wurde koenen om de "creative construction"-oanpak yn 'e kiif te setten.
6) Foar ús doel neamme wy anderten dy't ôfwike fan 'e standertingelske noarm "flaters" en "ferkeard" en deselden dy't net ôfwike "goed". Der wurdt lykwols noch hyltyd oannommen dat systematyk yn ôfwikende likegoed as yn net-ôfwikende foarmen ynformaasje jout oer it aard fan 'e proefpersoan syn "tuskentaal"-systeem.
7) Sjuch bgl. Lightfoot (1979); Evers & Scholten (1980).
8) Ferl. Givon (1976): "...main clauses (and in particular declarative-affirmative ones) are the most progressive, innovative environment in language, where innovations are first introduced and from where they spread later on into other environments".

Bibliografy

Arabski, J. (1971): 'A linguistic analysis of English composition errors made by Polish students'. Yn: Studia Anglica Posnaniensia I, 1 en 2, 71-89.

Bourgonje, G.C.J. (1984): (Non-)language specific deviations in EFL adverbial usage, ZWO rapport.

Brown, R. (1973): A first language. Cambridge (Mass.): Harvard University Press.

De Villiers, J. & P. de Villiers (1973): 'A cross-sectional study of the acquisition of grammatical morphemes in child speech'. Yn: Journal of Psycholinguistic Research 2, 267-278.

Dulay, H. & M. Burt (1973): 'Should we teach children syntax?'. Yn: Language Learning 23, 245-258.

Dulay, H.C. & M.K. Burt (1974): 'A new perspective on the Creative Construction process in child second language acquisition'. Yn: Working Papers on Bilingualism 4, 71-98.

Dulay, H.C. & M.K. Burt (1975): 'A new approach to discovering universal strategies of child second language acquisition'. Yn D. Dato (ed.): Developmental psycholinguistics: theory and applications. Washington, Georgetown University Press, 209-233.

Dulay, H., M. Burt & S. Krashen (1982): Language two. New York/Oxford, Oxford University Press.

Duskova, L. (1969): 'On sources of errors in foreign language learning'. Yn: IRAL 7/1, 11-33.

Evers, A. & T. Scholten (1980): 'A Dutch answer to the Luiseno argument'. Yn: Utrecht Working Papers in Linguistics 9, 87-101.

Givon, T. (1976): 'Topic, pronoun, and grammatical agreement'. Yn Ch. N. Li (ed.): Subject and Topic. New York, Academic Press.

Jacobson, S. (1975): Factors influencing the placement of English adverbs in relation to auxiliaries. Stockholm, Almquist & Wiksell.

Lado, R. (1957): Linguistics across cultures. Ann Arbor, University of Michigan Press.

Lightfoot, D.W. (1979): Principles of diachronic syntax. Cambridge (U.K.), Cambridge University Press.

Nemser, W. (1971): 'Approximative systems of foreign language learners'. Yn: IRAL 9/2, 115-123.

Quirk, R., S. Greenbaum, G. Leech & J. Svartvik (1972): A grammar of contemporary English. London, Longman.

Richards, J.C. (1971): 'A non-contrastive approach to error analysis'. Yn: English Language Teaching 25/3, 204-219.

Taylor, B. (1975): 'The use of overgeneralization and transfer learning strategies by elementary and intermediate students of ESL'. Yn: Language Learning 25, 73-107.

Sjerp en sjerp

JARICH HOEKSTRA

Oanrin

Yn Miedema (1986) wurde de Fryske foarnammen Seerp/Sjerp en Worp/Werp besprutsen. Wat de etymology fan dy nammen oanbelanget slût Miedema him oan by Van der Schaar (1964); Seerp/Sjerp en Worp/Werp soenen gearset wêze ût in earste lid sigi- 'oerwinning' respektyflik wil- 'wil' en in twadde lid -grep (dat foar 't neist gearhinget mei it tiidwurd gripe). It is Miedema yn it artikel foaral te rêden om 'e fonologyske ferhâlding tusken 'e ûnderskate âldere en jongere foarmen fan 'e nammen. Yn in lêste paragraaf komme de oare (al of net Fryske) grep-nammen, te witten Aldgrep- (yn Aldgrepeshem) en Odilgrep, noch efkes op it aljemint. Yn it neikommende wol ik de ôflieding fan 'e foarnamme Sjerp/Searp nochris op 'e nij besjen. Ik bin nammentlik fan betinken dat Miedema syn ûtstel dêrta in stikmannich net oer te kommen beswieren hat.

De nammefoarmen

Lit my om te begjinnen in oersjuchje jaan fan 'e oerlevere âldere nammefoarmen dy't Miedema gearbrocht hat (foar in wiidweidige boarne-oantsjutting ferwiis ik nei Miedema syn artikel):

Sigerep, Sigerap (Fulda; 8ste ieu, by Dokkum)
Sigrep (Werden; 11de ieu, te Baflo)
Sigerip (1202, te Limmen by Alkmaar)
Sigrepus (Emo; 13de ieu, Ommelannen)
Syrp, Sirp (Eastfryske oarkonden 1437-1477)
Segrip (1416, te Dearsum)
Segeip (= Sege(r)ip? O I 18; 1432, Frjentsjerteradiel)
Serep, Seerp (Snitser resesboeken; 1508-1514)
Sieerp, Syeerp, Serp 2x (O I 179; 1465, te Pitersbierrum)

It boppesteande listke kin noch útwreide wurde mei de foarm Sigerep dy't ik tsjinkommen bin yn in oarkonde út 1116 dêr't greve Floaris II fan Hollân de boargers fan Alkmaar frijskat fan it rjucht op it begraven, op betingst dat se him de tsienden fan har boufruchten en bisten betelje (Opperman 1933, 227-228).

Is Sjerp wol in grep-namme?

Miedema nimt ûnfoarsjoens oan dat Van der Schaar gelyk hat mei syn sizzen dat Sjerp/Searp in grep-namme is. Dat De Vries (1952, 192-193) dêr ek op út wol, sa't Miedema ornearret, stiet neffens my noch te besjen. De Vries seit dat net mei safolle wurden. Hy behannelet Sigrep en Wilgrep faaks wol wat suggestyf ûnder ien kopke, mar hy seit oan 'e oare kant fan Sigerep/Sigerap (Fulda) dat Sige- foar 't neist substituearre is foar âfr. SÎ- en dat -rap wol mis wêze sil. Dat liket der op te wizen dat er -rep/-rap as it twadde nammediel beskôge.

Likefolle hoe't dat wêze mei, Van der Schaar syn fyzje is net alhiel ûnproblematysk. At men Sjerp/Searp as in grep-namme opfettet, dan is it nammentlik frijwat ûndûdlik, hoe't de foarmen Sigerep/Sigerap (Fulda; 8ste ieu), Sigerep (1116), Sigerip (1202) en faaks ek Sege(r)ip (1432) ynterpretearre wurde moatte.

At men de g yn dy foarmen beskôgje wol as de g fan -grep, dan is de e tusken 'e g en de r slim te plak te bringen. It soe teoretysk in svarabhaktifokaal wêze kinne, mar better net te witten fynt men yn it Aldfrysk suver gjin svarabhaktiferskynsels, dat dan is it foarkommen fan trije, fjouwer nammefoarmen mei in tusken-e al wat ryklik.

In oare mooglikheid soe noch wêze dat de twadde g fan it hypotetyske *Sigigrep weiwurden wêze soe. Assimilearring fan 'e twadde g oan 'e foarôfgeande i is faaks yn prinsipe net ûnmooglik, mar soks hie men dan ek, en earder, ferwachte fan 'e earste g. Boppedat moast de gearsette foarm dan yn dat iere stadium al ûntrochsichtich west ha.

It oannimlikste liket it my ta om in foarm as Sigerep op te dielen as Sige-rep mei Sige- út Sigi- 'oerwinning' en in ynearsten net goed thûs te bringen twadde lid -rep. Förstemann (1900-II) hat sa't liket dy kant ek út wollen.

Hy nimt yn syn "Altdeutsches Namenbuch" de foarm Sigrep (Werden) op en nei oanlieding fan 'e nammen Reifing en Reifrih skriuwt er (s. 1251): "Diese beiden n. scheinen auf got. raips u.s.w., nhd. reif circulus zu weisen, obwohl sich der specielle für die n. anzunehmende sinn noch verbirgt. (...) Dazu sächs. -rep in Sigirep (10)". It liket derop dat Förstemann mei Sigirep Sigrep bedoelt; it ynslûkjen fan dy twadde i sil dan wol in fersin wêze.

Al mei al is it no just net sa, dat de âldste foarmen fan 'e namme Sjerp/Searp de etymology fan Van der Schaar (en De Vries?) befestigje, lykas Miedema (s. 21) ha wol. Krektoarsom, de foarmen dy't begjinne mei Sige-, sette dy etymology nochal yn 'e kiif. Ik ha net in neier útstel foar de etymology fan it twadde nammediel, dat ik behein my yn it neikommende ta it besprekken fan 'e fierdere ûntjouwing fan 'e namme.

De ûntjouwing fan Sjerp en sjerp neffens Miedema

Miedema (s. 20) sjucht de ûntjouwing fan in âldfrysk Sigrep nei it hjoeddeiske Sjerp/Searp lykas hjirnei komt:

(i) De g fan Sigrep is palatalisearre troch en assimilearre oan 'e i dy't derfoar stiet;

(ii) de foarm *Sijrep, *SÎrep dy't sa ûntstie, is troch r-metatesis ta Sieerp, Syeerp wurden;

(iii) troch "verdere verkorting en vereenvoudiging" ûntsteane de foarmen Seerp en Sjerp.

Men moat jin by it oannimmen fan beskate fonologyske ûntjouwingen yn it Frysk altiten twa dingen ôffreegje. Foarst: komt it oanbelangjende fonologyske proses mear foar yn it Frysk? En oard: at dat net sa is, is dat dan yn alle gefallen in natuerlik fonologysk proses? It komt my sa oan dat Miedema him by de ôflieding fan Sjerp/Searp net te folle gelegen lizze litten hat oan dy fragen.

De earste stap yn 'e derivaasje is net folle op oan te merken. Hoewol yn 'e gefallen dat yn it Aldfrysk in g oan in foarôfgeande i assimilearret sa'n g ornaris "inter vocales" stiet (ferl. *Sigi- > âfr.SÎ; -inga > -iga > -i(j)a) liket it fonologysk net al te beswierlik om oan te nimmen dat in g tusken in i (of i) en in r (de meast sonorante konsonant) ek assimilearje koe. At men nammers, tsjin Miedema, oannimt dat de g yn Sigrep de g fan it âldere Sige-, Sigi- is, dan kin men de foarm *SÎrep

(Sirip, 17de ieu ieu yn Harlingerlân (König 1911,84)) ek al sa goed ôfliede fan in foarm Sigerep.

De twadde stap mist alle motivaasje. Yn it Aldfrysk moat wiswier in (foarhistoarysk) proses fan r-metatesis plakfûn ha. Dêrby waard in kombinaasje fan r + fokaal omkeard ta fokaal + r foar in dintale konsonant; ferl. âwfr. ferd 'frede', nfr. boarne njonken hol. bron, nfr. hoars njonken hol. ros, nfr. wart njonken hol. wrat. De metatesis waard yn 't wurk set troch de dintale konsonant: de r krûpte om sa mar te sizzen syn dintale bruorke oan. In oar gefal fan metatesis fynt men yn nfr. troch njonken dû. durch en âfr. (e)wrocht by werka, dêr't fokaal + r omdraait foar -ch(t) (sj. ek Schönfeld 1947[4], 67). In metatesis *Sīrep > Sieerp, Syeerp soe lykwols unyk wêze yn 'e (Fryske) taalskiednis omt er, foarst, fierders net foarkomt yn it Frysk en, oard, fonologysk folslein ûnmotivearre is. Hy soe yn striid wêze mei it algemien fonologyske prinsipe dat de konsonant-fokaal-syllabe de foarkar hat boppe de fokaal-konsonant-syllabe. At in proses ûnmarkearre syllaben omset yn markearre syllaben, dan moat dêr al in hiel goede reden foar wêze. Yn in foarm *Sīrep is der lykwols neat dat metatesis ôftwingt.

De tredde stap ropt ek in mannich pynlike fragen op. Alderearst freget men jin ôf hoe't de e fan *Sīrep ynienen in ee wêze kin yn Sieerp, Syeerp. Wie de e der al lang of is er rutsen foar -rp? Rekking fan e foar -rp liket oars net foar te kommen, ferl. âfr. skerp, nfr. skerp; âfr. t(h)erp, nfr. terp; âfr. werpa, nfr. werpe. En at er dan al lang wie, wêrom wurdt er dan wer koart yn it iene gefal (Sjerp) en bliuwt er lang yn it oare gefal (Searp, net *Serp)? Fierders bliuwt it ûndûdlik hoe't Sieerp, Syeerp ta Seerp wurde kin. Sa'n "vereenvoudiging" fan sj ta s foar in ee komt fierders yn it Frysk nea foar.

Wat it mei Sjerp homofoane haadwurd sjerp oanbelanget ornearret Miedema (s. 21): "... de ontwikkeling van fries sjerp uit romaans sirop zal wel gelijk zijn geweest aan die van de naamvorm Sjerp via Syeerp uit Sirep (ouder Sigrep)". Mar sirop hie nei r-metatesis *sjorp (en nei rekking en brekking *sjoarp) wurde moatten. It haadwurd sjerp pleitet dus, at dat noch nedich wie, tsjin in meta-

tesis-analyze fan Sjerp.

De konklûzje moat wêze dat Miedema syn ôflieding fan Sjerp/Searp suver alhiel stuolket op ad-hoc-regels, d.w.s. op fonologyske prosessen dy't gjin motivaasje hawwe bûten de ôflieding sels. Hjirnei sil ik besykje om in oannimliker útstel foar de ôflieding fan 'e namme te dwaan.

Sjerp en sjerp op 'e nij besjoen

De wenstige gong fan saken by twastammige germaanske nammen is dat, at de oarspronklike gearsetting ûntrochsichtich wurden is, it twadde lid aloan mear redusearret, omt it earste lid de haadklam hat. Dat it hat alle eigenskip om dêr yn it gefal fan Sjerp/Searp ek fan út te gean; it twadde lid -rep wurdt oer -rəp ta -rp. Dat Miedema dy op himsels meast evidinte oplossing net foar kar nommen hat, hat in begryplike reden. Hy koe oars de stamfokaal fan Sjerp/Searp net ferklearje. Men soe ommers ferwachtsje dat Sigrep oer *Sīrep ta Sierp/Sjirp wurde soe, krektlyk as bgl. Sīrik ta Sierk/Sjirk wurden is. Om dochs fan *Sīrep op Searp/Sjerp út te kommen, hat Miedema it ad-hoc-meganisme fan 'e r-metatesis te baat nommen. Wy ha lykwols sjoen dat Miedema syn r-metatesis op suver taalkundige grûnen fersmiten wurde moat. Dêr komt noch by dat de te ferwachtsjen ûntjouwing sa't it liket plakfûn hat yn Eastfryslân (Sirip, Syrp, Sirp). Dat wêrom dêr dan gjin r-metatesis en yn it westerlauwerske al?

At men net oan r-metatesis wol, dan is dus de grutte toarnangel: hoe koe de lange i ta in lange e wurde? No binne der wol foarbylden fan in ie/ea-wiksel foar r yn it Frysk, bgl. riere - reare, djirre - djerre, stjir - stjer, hûs en hear - ei(ge)nierd (âfr. erve; aynerwet), mar dy geane allegear tebek op foarmen mei in lange e dy't him dan beide kanten oer ûntjûn hat foar in r. Boppedat giet it dêr hieltyd noch om dûbelfoarmen, wylst Sjerp/Searp yn it Frysk **allinnich** mar de ea/je-foarm hat. Der is dêrom, tinkt my, gjin mooglikheid om Searp/Sjerp streekrjucht ôf te lieden fan in foarm *Sīrep.

No't it besykjen om Searp/Sjerp streekrjucht werom te bringen op nammefoarmen lykas Sigrep en Sigerep stomprûn is, kin it doel ha en helje ris in stiktwa foarmen nei foaren dy't yn it besprek wat op in sydspoar rekke binne.

It giet om 'e foarmen Segrip en Sege(r)ip. Men fynt yn 't ginneraal by Sigi-nammen gauris farianten mei Sege- of Sē-. Dy foarmen moatte ûntstien wêze yn in taal dêr't in koarte i yn iepen wurdlid ta in lange e waard, bygelyks yn it midleechdûtsk (Gottschald 1954[3],538). Frysk binne se dus net. No is it opfallende dat alle foarmen fan 'e namme Sjerp dy't oerlevere binne ût westerlauwersk Fryslân, ûtsein de âldste Sigerep/Sigerap (Fulda), in e yn it earste nammediel hawwe. Ik soe sadwaande de suggestje dwaan wolle, dat de "Fryske" foarm fan 'e namme, de i-foarm, yn westerlauwersk Fryslân ût it stee krongen is troch de frjemde foarm mei e.

De ûntjouwing fan 'e namme wiist him dan fansels. *Seg(e)rep(-rip) wurdt ta Serep, in foarm dy't oerlevere is yn 'e Snitser resesboeken. Miedema wol Serep dêre as in staveringsfariant fan Seerp besjen. Mar as bleate staveringsfariant fan Seerp liket Serep my min te ferklearjen. De skriuwwize hat grif ien of oare fonologyske motivaasje. Men soe dan noch tinke kinne oan in njonkenfoarm fan Seerp mei in ynfoege svarabhaktifokaal, mar fan svarabhaktiferskynsels fynt men oars yn 'e resesboeken gjin spoar. Dat der liket my net folle op tsjin om Serep as de oergongsfoarm tusken Segrip, Sege(r)ip en Seerp te beskôgjen.

Mar hoe sit it dan mei Sieerp en Syeerp ût O I 179? Miedema fettet it stamlûd yn dy foarmen op as in opgeand twielûd /je:/ (lykas bgl. yn dyeep 'djip') en dêrmei as in argumint foar syn metatesis-analyze. Der is lykwols gjin driuwende reden om <iee>,<yee> yn Sieerp en Syeerp as in opgeand twielûd te ynterpretearjen; de letterkloften <iee>, <yee> en <ijee> wurde as allografen fan <ie>, <ye> en <ije> foar r ek brûkt as oantsjutting foar it ôfgeande twielûd /i.ə/, dat him yn 'e rin fan 'e Aldwestfryske tiid ûntjoech ût 'e lange e (Boersma 1939, 16-27). Sa fynt men yn 'e selde oarkonde O I 179 de foarm Fyeertza njonken Fertza en kin men fierders wize op 'e skriuwwize broeer. Oebele Vries beskikte my noch de neikommende foarbylden fan <iee>/<yee>/<ijee>-staveringen foar r, allegear yn wurden dêr't gjin praat wêze kin fan in opgeand twielûd:

wijeer (O I 514, r. 21)
hyeert, hyeer, foerhyeerdt (O II 282)

hieer (O II 352)
wieer (O IV 205, r. 47)
hyeer (O IV 242)

(Vries wiisde ek noch op staveringen lykas faeer (O II 262), faeir (O I 402), moeer (O II 232,262,352) en paeed ((O I 514, noat 5)). Nei myn betinken moat men de <iee>, <yee> yn Sieerp en Syeerp beskôgje òf as in oantsjutting dat de ee fan Seerp in oanstriid hân hat om nei /i.ə/ oer te gean òf - en soks is yn 'e oergongstiid fan /e:/ nei /i.ə/ lang net ûnmooglik - gewoan as in (hyperkorrekte) skriuwwize foar de lange e.

De nammefoarm Seerp, sa't er meast yn 'e oarkonden foarkomt, wurdt yn it Nijfrysk ta Searp en nei brekking ta Sjerp. Dat, Miedema syn eardere yntuysje, dat Sjerp troch brekking ût Searp ûntstien weze soe (s. 20), giet dermei, neffens my.

Lit ûs ta beslût it haadwurd sjerp nochris besjen. Fan 'e je yn dat wurd mei men ek oannimme dat it in brekkingsprodukt is. De net-brutsen foarm fynt men yn it Biltske seerp en yn Skiermûntseagersk sēəp,sērp (Spenter 1968,198). It wurd sjerp is in Romaansk lienwurd, ferl. Frânsk sirop, Italjaansk siroppo. Yn it Hollânsk is it wurd oernommen mei de klam lykas yn 'e Romaanske talen op it lêste wurdlid, dat dêr is it earste wurdlid redusearre: midhollânsk si'rope, si'roop > sə'roop > sroop > stroop. Yn oare talen moat de klam nei it earste wurdlid skood wêze en is fangefolgen it twadde hielendal ynkoarte. By in wenstige ûntjouwing wurdt 'sirop dêr oer 'sirəp ta sierp. Dy lêste foarm ha se yn it Drintsk (Haddering & Veenstra 1979). Foar it Fryske sjerp sitte wy dus wer tangele mei omtrint itselde probleem dat ûs by de namme Sjerp/Searp yn 'e wei west hat: hoe komme wy fan in i op in ē (ea)? Spenter wol der lykwols op ût dat Skiermûntseagersk sēəp,sērp en Nijfrysk sjerp tebekgeane op "ein älteres *sērp < sērop mit Anfangsbetonung und mit ē < i in offener Silbe in einer Nachbarsprache".

At Spenter gelyk hat en at ik it yn it foarôfgeande by it rjuchte ein hân ha, dan kin de algemiene konklûzje wêze dat de namme Sjerp/Searp likegoed as it haadwurd sjerp by eintsjebeslût ûntliend wêze moatte oan in oanbuorjende taal.

Literatuer:

Boersma, J.S.H. (1939): De Friesche oorkonden uit het archief van het St. Anthony-gasthuis te Leeuwarden. II. Een bijdrage tot de kennis der historische grammatika van het Westfriesch. Amsterdam.

Förstemann, E. (1900-II): Altdeutsches Namenbuch I. Die personennamen. Bonn.

Gottschald, M. (1954[3]): Deutsche Namenkunde. Berlin.

Haddering, H. & Bart Veenstra (1979): Drents Woordenboek. Schiedam.

König, E. (1911): Johannes Cadovius Möllers Memoriale linguae Frisicae. Norden/Leipzig.

Miedema, H.T.J. (1986): "De friese voornamen Seerp/Sjerp en Worp/Werp". Yn: Naamkunde 18, 1-4, s. 19-28.

Opperman, O. (1933): Fontes Egmundenses. Utrecht.

Schaar, J. van der (1964): Woordenboek van voornamen. Utrecht/Antwerpen.

Schönfeld, M. (1947[4]): Historische grammatika van het Nederlands. Zutphen.

Spenter, A. (1968): Der Vokalismus der akzentuierten Silben der Schiermonnikooger Mundart. Copenhagen.

Vries, W. de (1952): Friese persoonsnamen. Assen

B E S P R E K

Willem Visser, Frysk Wurdboek 2 nederlânsk-frysk. A.J. Osinga Uitgeverij, Leeuwarden/Ljouwert 1985. (Fryske Akademy Nr.649).921 siden. Priis: f42,50, foar leden en stipers f 38,50

Ein 1985 ferskynde it Frysk Wurdboek 2 (hjirnei FW2 neamd) mei it Nederlânsk as útgongspunt. Der is lang nei dit wurdboek útsjoen om't syn foargonger, it Frysk Wurdboek fan Buwalda, Meerburg en Poortinga, njonkenlytsen feràldere en wat te beheind wie. Party lju hiene eins leaver hân dat FW2 earst útjûn wie omdat dêr it measte ferlet fan wie. Yn 'e leksikografyske praktyk koe dat lykwols net: út in wiidweidige ynventaris fan besteande Fryske wurden, it kaartsysteem fan it Wurdboek fan de Fryske Taal, moast in seleksje makke wurde foar in hânwurdboek. Sadwaande waard earst it FW1 (F-N) gearstald. De omsetting fan dat wurdboek koe wer brûkt wurde foar FW2. Yn it foarwurd merkt de gearstaller op dat it FW2 beskôge wurde moat as in folslein nij wurdboek. Yn it folgjende sil it dêrom minder gean om in ferliking mei syn foargonger, mar mear om de doelstellings en op hokker wize dy berikt wurde. Alderearst wurdt sjoen nei de makrostruktuer, dêrnei wurdt de mikrostruktuer besprutsen.

Ynlieding.

FW2 sjocht der krekt-en-gelyk sa út as FW1, donkerblau, itselde lettertype, deselde grôtfolle blêdspegel dy't gjin romte lit foar eigen oantekeningen, en fan formaat like grut as de Wolters-Noordhoffwurdboeken. Sa kin it Frysk alteast yn 'e boekekast in lykweardich plak tusken de moderne talen krije. Wat yndieling oangiet, liket FW2 in soad op Koenen/Drewes, mar dan mei in dûdliker letter. It moaiste hie fansels west elk lemma op in nije rigel lykas yn Kramers' Groot Woordenboek Nederlands, mar dat sil wol te djoer west hawwe. In ôfbrek binne lange lemma's lykas hand (4 kolommen). As jo bgl. opsykje wolle met harde hand dan sjogge jo der al tsjinoan om dat allegearre troch te lêzen. En faaks lêze jo it wol twa kear troch omdat it der net yn stiet. Hawar, it sil

wol net oars kinne.

Oan it eigenlike wurdboek foarôf geane it Foarwurd, de Oanwizings foar it gebrûk en de Ofkoartings. It Foarwurd en de Oanwizings binne twatalich opnommen: earst it Frysk en dan it Nederlânsk. By in wurdboek dat útgiet fan it Nederlânsk, soe men dat earder oarsom ferwachtsje. Op side 12 stiet in list fan ôfkoartings en labels, dy't frjemd genôch mar foar in part oerset binne. Sa wurdt pl.= pluralis oerset mei 'meartal' en 'meervoud', mar attr.= attributyf kriget gjin oersetting. De ôfkoartings fan 'e wurdsoarten wurde ek net allegearre neamd: pref.= prefiks mist bygelyks. Eins hie dy list hielendal net oerset wurde hoegd, teminsten net op dit plak. Dat it hjir wol dien is, is de konsekwinsje fan de opset fan it wurdboek wat de frjemde wurden oangiet. Ik kom dêr fierderop noch op werom.

Oan 'e ein binne de Plaknammen en de Gemeentenammen fan Fryslân opnommen; in pear flaters ût FW1 binne ferbettere en inkele nije gemeentenammen binne no opnommen sa't se offisjeel fêststeld binne. It is allinne spitich dat de brûkers der net eefkes op wiisd wurdt dat de list yn FW2 de ferbettere ferzy is. Wat ik ek mis yn FW2 is in haadstik oer de stavering fan de frjemde wurden. No moat men foar de regels altyd weromgripe nei it earste diel.

A. De makrostruktuer.

De makrostruktuer is it gehiel fan wurden of oare leksikale eleminten dy't de gearstaller selektearret foar syn wurdboek. It giet dus om de nomenklatuer fan FW2. Hoe is de gearstaller oan syn trefwurden kommen. Of, om it oars te sizzen, wêrom stiet deryn wat der yn stiet. It foarwurd makket jin winliken net in soad wizer. Ut trije Nederlânske wurdboeken: it Spectrum Nederlands Woordenboek fan Weijnen (3de pr.), it Handwoordenboek der Nederlandse Taal fan Koenen-Drewes (27ste pr), en it Groot Woordenboek der Nederlandse Taal fan Van Dale-Kruyskamp (10de pr.) is safolle mooglik it hjoeddeiske, algemien gongbere fan 'e Nederlânske wurdfoarrie helle (oannommen dat dat dêr yn te finen is). Der is selektearre neffens trije kritearia:

a. it weilitten fan trefwurden dy't labele binne mei

'dial.', 'gew.', 'hist.', of 'vero'.

b. it mijen fan al te spesjalistyske en faktalige trefwurden.

c. lykwicht fan ferskillende gebieten.

Hoe't dy trije kritearia lykwols krekt tapast binne, wurdt net dûdlik. Wurkwize a) is frij maklik ût te fieren mar dat leit oars by b) en c). Wat binne eins al te spesjalistyske of faktalige wurden? Hoe kin lykwicht berikt wurde? Binne de beide lêste kritearia yntuïtyf tapast? De fraach dy't dêr by opkomt is, oft FW2 dan wol in beriddenearre, systematysk korpus hat. Om nei te gean wat wol en wat net opnommen is ût de trije neamde wurdboeken — wat Weijnen dêr eins by moat, begryp ik net rjocht, it is dûdlik beheinder en minder fan kwaliteit as de oare beide - ha ik 6 siden FW2 nommen en de trefwurden oankrûst yn de trije neamde Nederlânske wurdboeken. Wat bleau der oer: d, daadwerkelijk, da capo, dactylograaf, dactylografie, dactyloscopie, daderes, daderschap, dagblind, dagboog, dagdieven, dagbouw, dagdieverij, dager, dagmars, dagpauwoog, dagregen, dagregister, dagschotel, dagslot, dagverhaal, dagzoom, daimio, dakhuid, daklook, dakstoel, dakterras, daktuin, dakvlak, dalgrond, dalia, dalles, dalmatiek, daltoniseren, daltonisme, daltononderwijs, daltonschool, daltonsysteem, dalwind, damar, damascener, damasceren, dameszadel, damplank, damwand, damwerker, danseuse, darg, darrenmoer, darrenslacht, daisymeter, dauphin, dauphiné, dauwpunt, dauwtrappen, daviaan, deballoteren, debarkeren, debitant, debiteurenstaat, debitrice, debrayeren, decaan, decideren, decisie, decisief, decoratieschilder, decrescendo, dedaigneus, de dato, deelgerechtigd, deficientieziekte, deficit, degenslikker, degenstok.

Fansels sitte hjir in nustje 'al te spesjalistyske en faktalige' wurden by. In pear opfallende omisjes lykje my: dager, dagmars, dagschotel, daktuin, dakterras en decaan. En om't it yn Fryslân optilt fan koaren en korpsen hiene da capo en decrescendo (en dêrmei crescendo) der ek wol yn kind. En wêrom binne daadwerkelijk en dagbouw weilitten? Om't se it normative label 'germ.' by har hiene? It net-opnimmen is fansels like normatyf. Apart is ek dat de letter a en de letter b begjinne mei it trefwurd a en trefwurd b. By de oare letters bart dat net.

Watfoar trefwurden opnommen wurde moatte, hinget fansels ek ôf fan it doel fan it wurdboek. It foarwurd seit dat FW2 bedoeld is as oersetwurdboek. Eefkes earder wurdt ek de doelgroep neamd: 'foar de trochsneed brûker biedt dit wurdboek genôch'. In oersetwurdboek foar trochsneed brûkers dus. Dy trochsneed brûkers sille almeast nativespeakers wêze. Tusken de oersetwurdboeken fan Wolters-Noordhoff nimt FW2 dêrmei in apart plak yn. Dy wurdboeken binne foar brûkers dy't in tekst produsearje wolle yn in frjemde taal, wylst it FW2 foar in grut part brûkt wurdt om teksten yn 'e eigen taal oer te setten. De groep Hollânsktalige brûkers is folle lytser en sa te sjen is FW2 net alderearst foar har ornearre. Dan hiene bgl. oanwizings opnommen wurde moatten oangeande stylnivo's en om kontrastive redenen in grammatikaal kompendium.

De omsetting fan FW1 hat ek in rol spile by de kar fan yngongen foar FW2. It gefolch is dat somtiden nuvere trefwurden opnommen binne: dame-jeanne (= dommesaan), dirkjespeer (= durkjepar), weerpijn (= wjerpine). Dit binne lykwols ynsidintele fêststellings. Om in better oardiel jaan te kinnen oer de systematyk fan de makrostruktuer no in pear kategoryen trefwurden.

1.Ensyklopedyske trefwurden.

FW2 nimt in tal ensyklopedyske trefwurden op lykas nammen fan lannen, rivieren, planeten, planten en eigennammen. Benammen trefwurden dy't neist de ensyklopedyske betsjutting ek in oare gebrûkswize hawwe (bgl. boppe Jan wêze) binne opnommen. By de ierdrykskundige nammen wurde globaal lân, ynwenner en adjektyf neamd, mar net systematysk. In pear foarbylden: Afrika/Afrikaan/Afrikaans, Amerika/Amerikaan/Amerikaans, -/Rus/Russisch, -/Chinees/Chinees, Indonesië/-/-. By in pear nammen wurdt de ynwenster oanjûn: Duitse, Franse, Deense en Friezin. Wêrom by de oare lannen net? Dat is trouwens in tekoart fan it hiele FW2-korpus: net konsekwint de froulike persoansnammen jaan. Wol ambtenares, soliste, zangeres, directrice mar net agente, dirigente, misdadigster of schaatsenrijdster. By de provinsjenammen doocht it ek net rjocht: wol Drenthe/Drent/Drents, mar Noord-Holland, Zuid-Holland en Limburg hawwe gjin ynwenners en de Utrechtenaar kin net opsykje oft Utrecht yn it Frysk no

Utert of Utrecht is en hoe't it moat mei de Utrechtse theerandjes. By de rivieren mis ik Maas, Schelde, Lek en Rijn. Foaral dy lêste hy deryn stean moatten. Neffens Nijl (=Nyl) en it wol opnommen Rijnaak (= Rynaak) soe it Ryn wurde moatte. By de planeten fynt men wol Mars, Venus en Jupiter, mar net Pluto, Saturnus of Uranus. Sa kinne noch wol mear foarbylden jûn wurde om oan te jaan dat hjir net praat wurde kin fan in systematysk opset skift. Dy systematyk ûntbrekt omdat Weijnen as útgongspunt brûkt is. Yn dat wurdboek ûntbrekke de neamde foarbylden nammentlik ek.

2. Ofkoartings.
Oan it begjin fan elke letter (behalve de Q, U, X en Y) steane de ôfkoartings. FW2 hat faak mear as FW1 en ek gauris oare; dêrneist pielt FW2 folle faker mei haadletters. De bekendste ôfkoartings steane der leau'k wol yn. Minder is dat ek hjir gjin systeem te finen is: oan 'e iene kant wol V.M. = F.M. (Folle Moanne) en cc = ks (kubike sintimeter), mar c.v. wurdt gjin s.f. (sintrale ferwaarming) en vz. gjin fs. (foarsitter). Guon tige gebrûklike ôfkoartings misse lykas BV en NV. It hat der in soad fan dat de problemen ût 'e wei gien binne troch se oer te slaan. It is spitich dat hjir net trochpakt is no't de kâns der wie. No bliuwt der in soad ûnwissens bestean.

3. Frjemde wurden.
It begryp 'frjemd wurd' is eins in diagroan begryp dat slim te definiearjen is. Sûnder dêr fierder op yn te gean, bedoel ik hjir dy wurden dy't noch as frjemd, ôfkomstich ût in oare taal, oanfield wurde troch bysûndere (grafyske, fonetyske, semantyske of grammatikale) skaaimerken. Aldergelokst is hjir net meidien oan it nasjonalistyske, Fryskeigen --in adjektyf dat yn beide wurdboeken net te finen is-- trekje om it near te lizzen op elk frjemd wurd. FW2 hat, omdat men der soms net bûten kin, aardich wat frjemde wurden.

Ek hjir jildt dat dêr't dat mooglik wie, net altyd neffens in fêst systeem te wurk gien is. Fan in grut part frjemde wurden wurdt op syn minst ien substantyffoarm jûn, faak in adjektyf en in verbum, bgl.congruentie/

congruent/congrueren. Mar dat giet net konsekwint op. By ion/ionisatie mist ioniseren, by irritatie/irriteren mist irritant, neist intonatie bestiet ek intoneren, by emplooi en employé kin ik employeren net fine. Konkrete saken as isolator en irrigator binne weilitten, mar abstrakte taalkundige trefwurden as isoglosse en imperfectum kriget de (trochsneed) brûker wol foarset. Neffens hokker kritearium hjir selektearre is, is my net dûdlik.

4.Fakwurden.
Al te faktalige en spesjalistyske wurden binne net yn FW2 te finen. It is gjin dwaan en rin alle mooglike fakgebieten nei om te ûndersykjen oft der wat lykwicht tusken dy gebieten berikt is. Der binne gâns minder plante- en bistenammen opnommen as yn 'e foargonger (faaks in hobby fan in redakteur), dat in goed ding is. It liket my ek ta dat de lânboutermen lytser yn tal wurden binne mar dat der op it gebiet fan it (modernere) iten hjir en dêr wat mist. In pear foarbylden: varkenshaas, koriander, kiwi, passievrucht, ijsbergsla, compote. It is lykwols al in hiele ferbettering dat goelasj, bami, nasi, champignon, paprika ensfh. no ek by ûs iten wurde kinne. Ek op it gebiet fan'e muzyk misse guon trefwurden (al earder neamd). Sa ha ik noch efkes socht nei de term embouchure dat troch Fryske blazers sa prachtich ammezuer neamd wurdt. Mar faaks is dat ek wol te spesjalistysk. Sa freegje ik my ek ôf oft it terrein fan de taalkunde mei trefwurden as participum (moat wêze: participium), onomatopee, inchoatyf yn ferhâlding net tefolle oandacht kriget. Mar dat sil wol komme om't de gearstaller gjin trochsneed brûker is.

5.Nije wurden.
Om't FW2 in oersetwurdboek bedoelt te wêzen, sil it wurden opnimme moatte dy't in projeksje binne fan wat yn 'e maatskippij omgiet. Dat betsjut ek neologismen opnimme.Yn dit stik fan saken is meast Koenen/Drewes folge tinkt my. It is by dit skift net sa'n toer om net-opnommen wurden te finen (afslanken, arbeidstijdverkorting, windpark, strippenkaart, glasbak, gifbelt, geluidswal) as it jiertal fan earste attestaasje net bekend is. By it gearstallen fan FW2 wie Reinsma, Signalement fan nieuwe woorden,

al ût. Guon neologismen dêrût binne opnommen (bombrief, boetiek, hit, horeca, topless) mar oare ek wer net (musicassette, blouson, bootie, button, huurharmonisatie, maanlander, snuffelpaal). Sjoen it feit dat de lêstneamde wurden fan foar 1970 en noch gongber binne, hiene se wol in plakje yn FW2 fertsjinne. Dat it wolris in toer west hat om in reedlike oersetting te finen, kin men sjen oan boterhamworst (= boaterhamwoarst), veelbesproken (= ferneamd en schedelbasisfractuur (= plassebasisfraktuer, breinkasbrek). Hoe krij se 't yn 'e plasse.

6.Bûne morfemen.
Yn neifolging fan Koenen/Drewes hat FW2 ek bûne morfemen as aparte yngong opnommen. Ek yn de nije oersetwurdboeken fan Van Dale kin men se fine. Yn FW2 giet it allinne om prefiksen lykas on-, ont-, oer-, eks- en aarts- en net om suffiksen as -geen en -halve. Ek hjir liket mar in greep dien te wêzen ût 'e boarnewurdboeken. Net opnommen bgl.: opper-, sub-, inter-, a-, bi-, pre-. Soms wist de gearstaller net hoe't er mei de wurdsoarte oanmoast: micro-, macro-, anti-, mini-, maxi- hawwe dêr gjin oantsjutting fan, wylst mono- as adj. oanjûn is en stereo- en pro- as s. & adv. Al mei al net sa systematysk.

Net allinne ût dizze 6 skiften docht bliken dat de systematyk in swak punt is by de makrostruktuer fan FW2. Te faak misse der wurden dy't dochs yn in beskaat wurdfjild thûs hearre. By tiidwurden wurde geregeldwei ôflate substantiven oerslein. Foarbylden: wol afnemen, afname, net afneming. Wol afsluiten, afsluiting, net afsluiter. Wol aanvaarden, net aanvaarding. Ek oarsom komt foar: wol aflevering, net afleveren. Der is yn dat opsicht te hastich wurke, foar't neist omdat der temin tiid en jild wie om ien en oar ris goed oer te tinken.

B.Mikrostruktuer.
By de mikrostruktuer giet it om 'e ynformaasje oer de trefwurden. Hat neffens it tal trefwurden (55000) FW2 it meast fan Weijnen, wat de mikrostruktuer oangiet liket FW2 mear op Koenen/Drewes. De yndieling is gauris itselde, wylst de foarbylden op it Frysk tasnijd binne. De ynformaasje dy't FW2 oer in trefwurd jout is:

1. de wurdsoarte. Yn twivelgefallen (sjoch A5) stiet der soms neat, yn in inkeld gefal is it ûnfolslein of ferkeard. Foarbyld: beraadslagingen, s.pl. moat wêze beraadslaging, s., erfdienstbaarheden, s.pl. moat wêze erfdienstbaarheid, s., laconiek kin ek adv. wêze. Benammen de adj/adv. groep mankearret wolris wat oan.
2.oersetting(s). By homografen is der Arabysk nûmere, de nei alle gedachten meast brûkte foarm foaroan. By elk nûmer wurdt in betsjuttingsomskriuwing jûn, gauris ek as dat oerstallich is: meesjouwen,v. (Als een last) met zich meevoeren. meitôgje; does,s. Kardoeshond. does(hûn). Nei alle gedachten komt dat troch it weilitten fan oare betsjuttings fan it wurd .Sa stiet by civiel, adj. Niet-militair; niet staats-, strafrechtelijk. sivyl. Neffens my wol dat sizze dat it wurd civiel yn de neamde betsjuttings oerset wurde kin of moat mei sivyl.En de oare betsjuttings beleefd, hoffelijk, en billijk, goedkoop? Dêr moat men sels mar mei rêde. De betsjuttingsomskriuwing liket my dêrom yn dit gefal oerstallich en sels betiizjend omdat suggerearre wurdt dat allinne yn dy betsjuttings sivyl brûkt wurde moat en yn oare gefallen wat oars, sûnder te sizzen wat.Dan noch leaver civiel, adj. & adv., sivyl, of, noch better, alle betsjuttings opnimme.

Soms folgje dan noch glossen bgl: bij schapen, echter gewoonlijk, dy't lykwols net typografysk ûnderskieden binne fan de Hollânske foarbylden. Dat is wolris wat betiizjend. Yn it foarwurd wurdt sein dat yn it algemien besocht is om oersettings te jaan dy't safolle mooglik deselde frekwinsje en syntaktyske falinsje hawwe. Dat útgongspunt hat der by de frjemde wurden ta laat, dat allinne de Fryske skriuwwize jûn wurdt, in wol wat al te simpele oplossing. Dochs is FW2 ek hjir net konsekwint yn: precisie=presizens,presysje,krektens, nègligè = ? (ha echte Fryske froulju soks net? Neffens FW2 rinne se allinne mar yn nachtklean, sliepersklean of yn 't lask), halo = halo, in ring, rêd om 'e sinne, moanne. Foar de brûkberens fan it wurdboek fyn ik it spitich dat gjin ekwivalinten jûn wurde dêr't dat mooglik wie. (Dêrom moast de list fan Ofkoartings op side 12 ek oerset wurde). De oersetting yndividueel fan individueel is te meager; dêr hie it wurd persoanlik (foar in part ekwivalint) yn in foarbyld by neamd wurde moatten. Ek by net

(mear) frjemde wurden wurdt soms te min jûn: by akte mist bgl.: akte verlenen, akte vragen, waarvan akte.
3. taaleigen en sprekwurden/siswizen. It taaleigen wurdt meast opnommen by it haadwurd (as dat der is) of oars ûnder it meast opmerklike wurd. Zo groen als gras stiet by groen en gras. Voor een appel en een ei stiet allinne mar op appel; die het onderste uit de kan wil hebben, krijgt het lid op de neus by kan en lid; te vuur en te zwaard: allinne op vuur; in angst en vrees: allinne by vrees; onverrichter zake kin men allinne fine op onverricht. It ûntbrekken fan konsistinsje hjirby docht ôfbrek oan it brûkersgemak.

Oer 't generaal rint it mei de mikrostruktuer oars wol los. Allinne noch dit: as ik om in aardich, sis mar geef Frysk wurd sykje, fyn ik it hiel faak net yn FW2 en dan bliuw ik mei in ûnfoldien gefoel sitten. Sa fyn ik by klein allinne mar lyts en behindich, wylst ik eins socht om foech, himpen en nearzich. En by enorm fyn ik ûnbidich net. Dat is "ynoarm" spitich.

Einkonklûzje.

Ik ha yn it foargeande lang net alle aspekten fan it boek besprekke kinnen. Ut de boppeneamde foarbylden meitsje ik op dat FW2 in wurdboek is dat tekoart sjit yn systematyk, yn 'e makro- likegoed as yn 'e mikrostruktuer. Wat de oarsaken dêrfan binne kin ik allinne mar riede: it brûken fan in minder geskikt boarnewurdboek as Weijnen, tefolle tiid bestege oan FW1 en doe te min foar FW2, gjin tiid of jild foar evaluaasje? Lykwols, myn einoardiel oer FW2 is posityf. Ferlike mei syn foargonger is dit wurdboek gâns in ferbettering: it is folle mear by de tiid en der stiet in soad yn. Willem Visser hat it yn trije jier gearstald, (in jier koarter as it FW1), dat in prestaasje fan formaat is. Just dêrom is it spitich dat hjir in kâns fersitten is. Mei wat mear tiid en oerlis hie in goed wurdboek in bêst wurdboek wurde kinnen.

Rienk de Haan

O P I T M E D

J. Stienstra: Taalpraatsjes. Ljouwert (1986), AFUK

Yn dit boekje binne de (soms justjes oanpaste) "Taalpraatsjes" gearbrocht dy't Stienstra yn 'e jierren 1979-1981 skreaun hat foar Frysk en Frij. Yn 'e measte fan dy praatsjes wurdt troch de skriuwer in stik min Frysk op it harspit nommen ("op 'e hak nommen" seit de flaptekst mei in grouwèlich en ek noch ferkeard brûkt hollanisme!). Yn syn foaropwurd konstatearret Stienstra wat spitich dat beskate wurden dêr't hy yn syn stikjes it fij oer ûtsprutsen hie, no yn it nije hânwurdboek steane. "Nettsjinsteande dat", skriuwt er,"feroardielje ik it gebrûk derfan". Stienstra komt ût it boekje nei foaren as in taalwarder fan it âlde mal. Alle bekende hollânske ynslûpsels komme op it aljemint en net sûnder in bewyske fan it âldbewende skoalmastersidioom wurdt de lêzer it goede paad wiisd. Nêst al dy earmoed fan ynterferinsjes wurdt de "rykdom" fan it Frysk fansels ek beklamme. Stienstra traktearret jin op aparte wurden en sechjes (punthûn, stride, sûker stimpt, yn 'e kniezen, teppe, widnersfertriet, it lûstert oer it fjild, koaridom) en dialektysk ferskaat (klaai- en wâldfrysk), en de ferlikingen mei as en de sei-sprekwurden misse net. Boekjes lykas ditte hawwe sûnder mis in funksje en it is yn syn soarte net ûnaardich. Stienstra seit wolris twa kear itselde en slacht wolris wat fan 't iene yn 't oare, mar hy kin it boadskip fierders skoan tefoarenbringe. Handich is it register efteryn, al hie dat foar 't selde efkes rjucht op 'e side set wurde kinnen.

(jh)

Nils Arhammar: ""Damit die "Halunder Spreek" nicht verstummt ...". Spracharbeit auf Helgoland und das Helgoländer Wörterbuch". Yn: Nordfriesland 19,3 (1986), 71-75

Dit stik is de tekst fan in lêzing dy't Arhammar ferliden jier hoden hat op in "Beiratssitzung" fan it Nordfriisk Instituut. Hy fertelt dêryn oer it krewearjen foar it Hilgelanner Frysk by de tiden lâns. Arhammar docht dêr sels ek sines ta. Hy is dwaande mei it skriuwen fan in

"Helgoländer Wörterbuch", in wurk dêr't Willy Krogman yn 1950 mei begûn is en dat Arhammar nei dy syn dea oerkrige hat. Fierders hat er sûnt 1974 in fêste rubryk yn it moannebleed "Der Helgoländer", dêr't yn skreaun wurdt oer Hilgelanner stavering, grammatika en literatuer en dêr't ek benammen Hilgelanner teksten yn publisearre wurde. Arhammar syn stik is in aardich oersjuchje fan wat der op it meed fan skriuwerij, ûnderwiis en taalkunde by de (nammers slim bedrige) "Halunder Spreek" opset is.

H.T.J. Miedema: "De friese voornamen Seerp/Sjerp en Worp/Werp". Yn: Naamkunde 18 (1986), 19-28

Yn it lêste nûmer fan Naamkunde behannelet Miedema de nammen Seerp/Sjerp en Worp/Werp. Hy wol se ôfliede ût respektyflik Sigrep 'oerwinning - striid' en Wilgrep 'wil - striid'. Der wurdt neigien wat it ferbân is tusken 'e ûnderskate foarmen fan 'e nammen. Ta beslût besprekt Miedema it rûfeltsje Aldfryske nammen op -grep dat oerlevere is. (Sjoch s. 49-56 fan dit nûmer fan TFT foar in reaksje op (in part fan) it artikel fan Miedema).

Us Wurk 35, 1-2 (1986)

In dûbelnûmer fan Us Wurk diskear mei sân bydragen. Piter Tiersma jout yn "Comments on the development of breaking" syn kommintaar op Geert van der Meer syn ideeën oer de histoaryske ûntjouwing fan 'e nijfryske brekking. Van der Meer wol der yn syn dissertaasje ("Frisian Breaking", 1985) op ût dat de brekking begûn is yn in stikmannich foarmen en dêrnei wreide hat nei in protte oare wurden. Tiersma set dêr de fyzje foaroer dat brekking, lykas de measte lûdferoaringen, begûn is as in algemiene, mar fariabele regel.

H.T.J. Miedema hat earder yn Taal en Tongval 28 (1976), 21-44 en yn It Beaken 38 (1976), 93-95 skreaun oer de dialektyske fariaasje e/o/a yn it Aldfrysk, bgl. yn sette, sotte, satte, en dêr ek kaartsjes by jûn. Dat die er doe oan 'e hân fan matriaal ût 'e trije dielen oarkonden fan Sipma. Hy hat no ek de oanbelangjende foarmen ût it fan O. Vries ûtjûne fjirde diel âldfryske oarkonden ferarbeide. Yn it artikel "Oarkonde, dialekt en

kaart" docht er ferslach fan 'e útkomsten en jout er in nije gearfetsjende kaart.

Oebele Vries syn stik "Dialektysk kleure Aldfrysk fan in Ljouwerter pastoar" slút by Miedema sines oan. Vries lit sjen dat de a-foarmen yn in mannich oarkonden út Ljouwert taskreaun wurde moatte oan hear Fedda Popkema, dy't fan Bilgaard yn Eastergoa (it a-gebiet) kaam.

Bo Sjölin hat in nijsgjirrich artikel bydroegen oer de etymology fan it âldfryske quem-, quam-, quimben. Hy fersmyt in eardere etymology fan himsels (quem- út *quidin-, adj. by âi. cwida 'liif, limoer') en dy fan Buma (quem- = *qêmi; quêmben 'noflike bonke = sitbonke'). Sjölin wol yn quem- mld., mnl. quene 'âldwiif' sjen. Hy makket oannimlik dat quene in folksnamme west hat foar stút- en krûsbonke. It artikel wurdt ôfsletten mei in stikmannich opmerkingen oer de etymologyske metodology.

Fierders yn Us Wurk in artikel fan Volkert F. Faltings "Zu altfries. were 'Landparzelle' und verwandtem unter besonderer Berücksichtigung des Nordfriesischen", twa wurdstúdzjes fan D.A. Tamminga oer pas ier en peasjou (dat Tamminga út bearshjou 'bearsnet' ôfliede wol) en in stikje fan Teake Hoekema oer "Brekking en lûdferkoarting yn frouljusnammen". It giet dan oer de opposysjes dy't har oppenearje yn pearen fan manljus- en frouljusnammen lykas bgl. Bouke-Bouk, Beart-Bjert en Jaap-Jap.

E.G. Stanley: "Alliterative ornament and alliterative rythmical discourse in Old High German and Old Frisian compared with similar manifestations in Old English". Yn: Beiträge zur Geschichte der deutschen Sprache und Literatur 106 (1984), s. 184-217

Graach wolle wy tanksij in tip noch even omtinken freegje foar dizze ferlykjende stúdzje nei alliteraasjes yn âldgermaanske (proaza)teksten. Yn it âldfrysk komme dy navenant let foar. Stanley leaut net dat op grûn fan it foarkommen fan sokke opsnolksels de konklûzje lutsen wurde mei dat men mei tige âlde teksten te dwaan hat. De fraach wat de relaasje is mei de âldgermaanske poëzij wurdt wiidweidich bepraat. De auteur hat ek noch rûmte fûn om al te wylde fantasijen fan Krogmann (It Beaken 26 (1964), s. 334-346) op it harspit te nimmen.

YNHALD

G.C.J.Bourgonje, It plak fan it bywurd yn it Ingelsk as frjemde taal: in ûndersyk oer talen hinne.....33

Opmerkings en diskusje

Jarich Hoekstra, Sjerp en sjerp.....49

Besprek

Willem Visser, Frysk Wurdboek 2 nederlânsk-frysk (Rienk de Haan).....57

Op it mêd.....66

TYDSKRIFT FOAR FRYSKE TAALKUNDE
ferskynt trije kear jiers

Redaksje: Siebren Dyk, Jarich Hoekstra, Willem Visser
Redaksjeskriuwer: Siebren Dyk
Folkert Kuperstrjitte 49
8491 DE Akkrum
Administraasje: Willem Visser
Heemstedestraat 3II
1059 CX Amsterdam
Abonneminten : ƒ 18,- foar partikulieren
ƒ 30,- foar ynstituten en biblioteken